

## Ynformaasje Bloeisône Eastermar

\*Doarpskoöperaasje Enerzjyk Eastermar: goed 120 leden, oprjochte 2019; hat fjouwer tema's:

1 Enerzjytransysje:

2 Natoer & Omjouwing:

3 Sûnens & Beweging:

4 Wenje sûnder soargen

\*20 frijwilligers wurkje yn wurkgroepen binnen de 4 tema's oan konkrete doelen; wy hawwe bg.:

(ad1) Kollektive sinnedaken én enerzjy-ynkeap

(ad 2) In Fiedselbosk/Itensbosk om letter mei inoar fan te iten

(ad 3) Gearwurking mei Sintrum foar sûnens en soarch 'It Betterskip' dy't ek in soad oandacht hat foar leefstyl, ite, bewege, sosjale ferbining en dus sûn âld wurde (û.ô. fragelisten oer sûnens en wolwêzen).

\*Dizze tema's binne ferbûn troch de sterke sosjale binning fan ynstânsjes en ynwenners yn Eastermar/Heechsân.

\*Enerzjyk Eastermar is ûntstien út wurkgroepen fanút in fisy, skreaun yn 2012 troch Doarpsbelang.

\*Opbringsten streamme safolle mooglik werom nei it doarp, nei de 1600 ynwenners en de ferienings.

\*De sosjale binning is ek sichtber yn it doarpsinisytyf Lokaal Loket, in sosjaal netwurk fan 55 frijwilligers dy't soarch en help biede, bygelyks by putsjes. Ek is der in duofyts, twa boekekasten en alle moannen in sosjaal miel.

\*Takomst: In grutte ambysje is om yn 2030 enerzjyposityf te wêzen. Dêrfoar hawwe wy in gearwurking mei Droegeham, Koatstertille en Jistrum om in driuwend sinnepark te realisearjen op de sânwinput fan Skûlenboarch. It grutte doel is in mienskip te hawwen wêr't wy sûn en mei jong en âld ferbûn âld wurde kinne yn it doarp, mei in mienskipshûs om inoar te moetsjen.

Link: 'Inspiratiesessie versterken sociale basis' 11 maart 2021 <https://youtu.be/3HzBIXTkzgg> (minuut 48:38)